[0275] IEN EN OAR OER “WAATZE GRIBBERTS BRUYLOFT"

Al dejingen, dy't Estrik VII lêzen en har formakke hawwe mei de brike situaesjes en piperige petearen yn *Waatze Gribberts Bruyloft,* sil sûnder mis de greate diskrepânsje opfallen wêze tusken de tekst fan it Fryske stik en dy fan de "Westfaelske" pendant, sa’t dy op side 58-63 bliken docht. Folget yn it Fryske stik op de wurden fan Wobbel: "*Soo mey ick dat jitte mey nimme / nu soo biste den myn eyn ljeaf zwiet Boltje"* folslein topas Waatze andert: "Ja / *in du myn ljeaf Kouke",* ensafh., yn de korrespondearjende leechdútske tekst is tusken Wummels en Tewes' wurden in yntermezzo ynlaske, dat der beide neffens foarm en ynhâld frijhwat nuver útsjucht. De proazatekst, it petear tusken Wummel en Tewes, giet ynienen oer yn in dialooch op rym, dêr't útdrukkingen as "Olde Schalm" en "olde Stanck asz", sa’t Wummel se tsjin har wjergea brûkt, wol bryk kontrastearje mei de swiete nammen, dy't it pear krekt utere hie, al folgje dy ek op in net botte mylde diskusje. It foar de hân lizzende tinkbyld, dat wy hjir to dwaen hawwe mei in frachmint, dat de oarspronklike edysje (Gerbenzon's oertekst) mist hawwe moat, wurdt bifêstige troch in meidieling fan Aloysia Rettler yn har *Niederdeutsche Literatur im Zeitalter des Barock* (Münster, 1949): dit frachmint, dizze 81 rigels, binne letterlik ûntliend oan in spul,

de *Scriba,* dat yn 1616 yn Hamboarch útkommen is. Neffeus Rettler hat de skriuwer fan *Teweschen Hochtydt* hielendal gjin war dien en forbergje syn plagiaet, hat er net bisocht om it organysk yn syn tekst op to nimmen. It hoecht jin ek net to binijen: sok dwaen wie ommers skearing en ynslach yn dy tiid. De eask fan originaliteit, dy't wy tsjinwurdich miene stelle to meijen, waerd, letter noch as de sawntsjinde ieu, net of amper heard en men hoecht mar in oerflakkige kunde fan it middelleechdútske drama to hawwen om to witten, dat deselde motiven, deselde situaesjes, sizwizen, wurden hieltyd werkomme en de skriuwers sels wol, lyk as yn ús gefal ek, hiele stikken mei ham en gram fan oaren oernimme. In sterk foarbyld dêrfan is byg. de Brunswiker Marcus Pfeffer, dy't de measte leechdútske scènes út Nicolaus Locke syn *Acolast* wurdlik yn syn kommeedzje *Esther* oernaem en, dêr net tofreden mei, it heechdútske part ek fan eardere skriuwers stiel.

Hwerom is it frachmint yn kwesje net yn *Waatze Gribberts* to finen? Foar 't neist om ien fan dizze twa redenen: de forfrysker - in Frentsjerter studint?, sjuch Piebenga (Skriftekennisse 1959) - hat it oanfield as in folslein oerstallich ynskousel, dat de muoite fan in omsetting yn Fryske rimen net wurdich wie - òf hy hat in "Vorlage" foar him hawn, dêr't dit rymstik net yn foarkaem. De útjefte fan 1640, útkommen by H. Werner to Hamboarch, hat it yntermezzo àl en it komt ek foar yn de edysje fan 1661, dy't Jellinghaus (1880) en Juffer A. Feitsma (1955) reprodusearre hawwe. Yn de edysje fan 1687 (yn de Westvaelsche Speel-Thuyn) mist it lykwols en it soe dêrom foar de hân lizze om to mienen dat de anonime Fryske oersetter (biwurker) dy brûkt hat as de útkomst fan Gerbenzon syn ûndersyk en Jellinghaus syn wisse miening har dêr al net tsjin forsette soenen. Gerbenzon (sjuch Estrik VII, side XVIII) tinkt dat W. Gr. oerset is neffens in "Vorlage" (+ D), dy't direkt ôflaet is fan de oertekst fan T.H., Jellinghaus hat it oer in, ûnbikende, Hollânske printinge, „der jedoch sicher nicht dem Westfalschen Speelthuyn von 1661 und 1687 entnommen ist".

Oer de origine fan dit birime frachmint is oant nou ta yn de W.Gr. kommentaren by ús Fryske skriuwers en kritici sa goed ik wit net praten, yn Dútsklân is it lykwols al jierren bikend. Hwant al foar Aloysia Rettler hie Joh. Bolte op de oerienkomst mei de *Scriba* wiisd. De tekst, sa't hy dy yn syn *Niederdeutsche Schauspiele älterer Zeit* (Norden und Leipzig, 1895) jowt, printsje ik hjirûnder ôf.

Chim
All de Knüvel mocht nu mehr Haffdenst dohn
Wan de Schufften een geven solck Lohn!
All de Kranckheit muth se halen,
De vsh arme Lude so bethalen!
Arbeyd habk den gantzen Dach,
Bun so madt, datk kum stahen mach,
Vnd hab doch nichts anders kregen
Alsz myn Hut recht dicht vull schlegen.
Myn Spack vnd Brod, datk mit had nahmen,
Dat ys mick ock vthr Kypen wech kamen.
Ick denck, de Strojunkers habbent stalen,
Averst de Knüvel ward se wadder bethalen.
Nu mothk man wadder gahn na minem Katen
Vnd my wat tho Fretn vnd supen langen laten.

Ick weth, dat myn Gesche so nar my vorlanget
Alsz den Raven nam Deve, de dar hanget.
Ahne de goie Fruw kank doch nich leven
Vthm Lyve wolk ydt entbern vnd er geven.
Seht, wank nich bun in mynen Katen,
Wo dicht dar se holt de Döhr vorschlaten.
Se ys doch so ehrlick und my so truw
Alsz vnder de Sun mach wesen en Fruw.
Ho, ho Gesche Wyff, mack vp de Döhr,
Hyr bun ick dyn hartleve Klemkyl vör.
Mack vp, holla, holla, Gesche Wyff!

Gesche
Wol kloppet hyr an vse Döhr so styff?

Chim
Ick bunt, Gesche, dyn leve echte Man,
Bun so maht, datk kum stahn kan;
Nich geten habk van dag noch drunken
Er du t west, bunk thor Erden sunken.
Lop hastlch hen und mack mick wat warm behr;
Wente mick früst vnd hungert vnd dörstet sehr.
Must mick ock en stuck Speck vorsetten,
Darup ick den Snavel erst kan affwetten.

Gesche
Wo nu, du olde stanck asz, ryth he dy,
Dat du so dörst snacken mit my?
Walcker Düvel föhrt dy hyr her?
Adder sagg mick, wat biste vörn Kerl?
Ick ken dy nicht: hast hunger vnd dorst,
Hyr warst wol nich krigen vel Kost.
Lop hen vnd sock Freten an den Ort,
Dar du süszlang hast tho Husz hort;
Adder wok schal krigen enen Tunstaken,
So wilck dick wol bald Vöthe maken.
Menstu, dat hyr wahnen vnehrlyke Lüde?
Horst, watk dy sagg? vanr Döhr wech brüde!

Chim
Jesus, Gesche, wo schalk dat vorstahn,
Kenst nich mehr dyn egen Man?
Ick byn Chim Klemkyl, dyn echte Gade,
Ick habb dick ya hat twintich Weken drade;
Ick denck, du werst mick wat willen öven
Huy, lop hastich vnd lath mick nicht lang töven!

Gesche
Wat? scholstu dick myn Man heten,
Dat schol mick im Hartn vordreten.
Ick habbe dy yo myn Dage nich sehn.

Chim
Störtensück, wo ys hyr schen?
Byn ick, oder byn ick nich de olde Chim?
Hör, Gesche, mick recht vornim!

Kenstu nich dynen olden Mann Klemkyl
De dick so offt hafft maket Kortwil?
De dick plecht so smuck vpn Mund tho pypen
Vnd desz nachtesz vpt hempt tho grypen?
West wol, alsz wij erst thosamen schlepen,
Wo wy en ander henne grepen?
Du sedest noch; ho, Chim, mackt sacht!
Tisz noch men de erste Nacht.
Westu wol, dat du vnder allbeyde Titten
Ene grothe schwarte Warte hast sitten?
Weist ock wol, dat dy de Navel ysz vtgahn?
Ha, Gesche, kanst mick noch nich vorstahn,
Kenst mick noch nich, leve Gesche möm?

Gesche
Du olde Schalm, ick löwe, dick dröm;
Du hast mick so vel im Bedde dahn
Alsz de Mür, ded dar sühst stahn.
Myn Kerl, de süth vth andern Ogen,
En lüttick betr alsz du kan he plögen.
He kan mick wol anders den Kop klouwen
Vnd wat beter vm sick houwen.
Wolstu ock van sülcken saken schnacken,
Du kanst yo kum fort trecken de Hacken.
Seht doch man, welck ein welich Kumpan,
Wo he steit als ein ander Dröphan!

Forliket de lêzer dizze tekst, dy't in klassike situaesje as eftergroun hat - Gesche hat in amant by har en bisiket har man to forswetsen - mei dy op side 59, 61, 63 fan Estrik VII dan sjucht er dat se praktysk identyk binne, ôfsjoen fan lytse staverings-ûnderskieden en de ôfwikingen yn de foarste twa rigels, dy't by Bolte bigrypliker binne. Hy sjucht ek, dat de auteur fan T.H. it frachmint klakkeleas oernaem hat: wol hat er de nammen wizige, waerd Gesche: Wummel en Chim: Tewes, mar hy wie blykber to loai om foar it rympear Chim- fornim (rigels 57 en 58) in oar rym yn 't plak to setten.

Is *Teweschen Hochtydt,* hwat dit frachmint oanbilanget, net origineel, ek op forskate oare plakken is dúdlik to sjen, dat der âlder materiael yn forarbeide is. Jellinghaus hat der yn syn edysje fan 1880 al op wiisd dat de scène, dêr't Teweschen de skriuwer Blasius in hoanne as bitelling foar syn tsjinsten oanbiedt - yn de Fryske versy krige Blasius de namme Bartholomeus - hast krekt sa foarkomt yn in kommeedzje út 1578 titlesearre: *Ein newe Comoedia, von Dionysii Syracusani, und Damonis vnd Pythiae Brüderschafft* en útjown by Jacob Lucius to Rostock. Likenze eleminten dêryn binne bygelyks de komyske fordraeijing fan de term supplikaesje en de lofrede op de hoanne, dy't de skriuwer (de Doctoor yn W.Gr) sa kiezzich makket. Oare motiven yn W.Gr. en syn "Vorlage": de groteske biskriuwing fan musykynstruminten, it tsjerkebisiik, ensafh. wiene mandeguod yn in tiid, dy't sa’t niis al sein is, oer originaliteit in oare opfetting hie as uzes. Hjirûnder sille wy jit mei in twadde boarne fan T.H. yn'e kunde komme.

Yn syn *Koarte Skiednis fan de Fryske Skriftekennisse* (1959) lit Jan Piebenga him moai leechlizzend út oer *Waatze Gribberts Bruyloft,* dat er in plat en

smoarch stik neamt fan "Westfaelske" origine. Dy lêste wurden binne, tinkt my, net alhiel krekt. *Teweschen Hochtydt* en *T. Kindelbehr* binne nei alle wierskyn net ûntstien yn de kontrei, dy't wy tsjinwurdich as Westfalen kenne en dy't jin dus yn 't sin komt by dizze plakoantsjutting. Karl Theodor Gaedertz seit yn syn jit altyd nuttich boek *Das Niederdeutsche Drama von den Anfängen bis zur Franzosenzeit* (side 69) dat it toaniel fan dit „von Realismus strotzenden" genrestik Hamboarch en omkriten is. „Es kommen viele Anspielungen auf Hamburgische Oertlichkeiten vor. Auszer dem Dreckwall, Burstah und Sünterklaus-Torn .... werden die Roelsmarie (Rosenstrasze), der Hoppenmarked ... und das Fleet erwähnt. Auch auf den sogenannten "Dom", den Weihnachtsmarkt, wird angespielt, das Einbecker Bier gelobt. . ." Alles, seit Gaedertz, tsjut op in Hamboarger skriuwer, as de tael der net wie, dy't neffens de Dútske histoarikus earder nei Magdeburg wize soe ... In Magdeburger nou wie ek Gabriel Rollenhagen, auteur fan it nijsgjirrige stik: *Amantes Amentes. Das ist Ein sehr anmuthiges Spiel von der blinden Liebe,* dat yn 1609 foar it earst útkaem en, sa seit Gaedertz, grif troch de skriuwer fan *Teweschen Hochtydt* brûkt is: hy naem der gâns in rige leechdútske wurden út oer en baude der karaktertipen en situaesjes fan nei. Beide dingen: Magdeburger tael en kunde fan de Hamboarger topografy wiene forienige yn de persoan fan in anonymes, dy't yn 1617 in skriftke publisearre ("*Abgedrungene Antwort vnd Ehrenrettung. Des wunderlichen Ebenthewres zu Magdeburgk ... Gestelt Durch einen Discipel des Sackpfeifers zu Magdeburgk")* dêr 't Rollenhagen yn oanhelle wurdt en de skriuwer yn meidielt, hy wie yn Hamboarch berne en hie trije jier op de Magdeburger skoalle west. Dat sa‘n skribent in griemmank fan Magdeburger en Hamboarger tael skreau leit, seit Gaedertz, foar de hân. In twingend biwiis yn dizze kwesje koe er yn 1894 lykwols net leverje. In fearns-ieu letter soe Agathe Lasch (yn *Aufsätze zur Sprach- und Literaturgeschichte. Wilhelm Braune zum* 20. *Februar dargebracht von Freunden und Schülern,* Dortmund 1920) nammers mei klam in Magdeburger elemint yn de tael ûntkenne, mar de ôfhinklikheit fan Rollenhagen naem hja oan, al achte hja dy minder great as Gaedertz.

Hamboarch, Magdeburg ... yn alle gefallen gjin Westfalen. Sa net, oan in hichte ta kin men Piebenga dochs gelyk jaen. Alles hwat út Westfalen kaem wie bot, boerich, smoarch, ûnhuer, efterlik en alles hwat bot en ûnhuer wie moast dus wol út Westfalen komme. Dat dit Dútske lân op in minne namme lei is út de literatuer skoan to fornimmen. Al yn de lette Midsieuwen bistie de spreuk:

„Hospitium vile, grof Brot, dünne Beier, lange Mile
Sunt in Westphalia Si non vis credere, lop da"

en de humanist Lipsius, dy't yn 1586 in part fan Noard Westfalen bireizge neamde it in forskuorrend barbaersk lân. „In diesen Zusammenhang ist die Anwendung des Wortes westfälisch zu stellen, wie es bei den niederländischen Bauernstücken" - dat is to sizzen, dy fan de Westvaelsche Speel-Thuyn -„und bei den auszerhalb Westfalen gedruckten Hochzeitsgedichten gebraucht wird", sa seit Karl Schulte Kemminghausen earne. „Es hat die betonte Nebenbedeutung des kulturell Minderwertigen".

G.N. Visser.